

Men kin better ûnder
in twinterbolle sitte as
ûnder in notaris

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Martien Lankester

Koninklike waardering voor zijn
inzet voor biologisch-dynamische
landbouw

Pagina 3>



Miniatuurkermis

Dochter Kenau van Jabik Kooistra
vond haar oorbellen later terug in
een kermisattractie

Pagina 5>



Snoekvissen

Mânske snoeken op jierlikse
fiksweidstriid fan de Fûgelwacht
Wommels en omstreken

Pagina 9>

Hjerstmerk yn Jorwert yn simmerske sfear



De hjerstmerk, dy't de aktiviteitenkommissje fan Jorwert ûnder Dak (JUD) ôfrûne sneon yn Jorwert organisearre, wie troch de simmerske omstannichheden mear in simmermerk. By it kafee en yn de notaristún stiene kreamkes. Mei troch it prachtige waar wie it gesellich drok yn it doarp. Foto: Guus van de Sande.

Gouden jubileum foar 'It Griene Lekken' yn Spannum

Spannum - Fyftich jier lyn koe der yn Spannum net biljerten wurde. In ploechje jongelju gie dêrom geregeld nei Op Hatsum om by Johan en Julia of nei Winsum om by Foppe te biljerten. De mannen kamen yn aksje om ek yn eigene doarp biljerte te kinnen.

Op de jierfergadering fan Doarpsbelang Spannum kamen de mannen yn 1968 mei it foarstel om in eigen klub op te rjochtsjen. Foar de nije feriening wie aardich wat belangstelling. Je koene oandielen keapje fan 10 en 25 gûne. Op 3 maaie 1968 wie it sa fier en waard de biljertferiening 'It Griene Lekken' oprjochte.

It earste bestjoer bestie út Steffen Walma, Piet de Jong, Riens

Bakker, Durk Dijkstra en Ane Beukens. De mannen binne nei Pasmabiljarts yn Ljouwert west om dêr in biljert oan te skaffen. Dat wie nochal prizich. Omdat it biljert alle kearen opropomme wurde moast yn it Doarpshûs, kaam der nochal wat materiaal by. Neide ferbou fan it doarpshûs wie der plak foar twa tafels.

Rollades

Nei de oprjochting wiene yn septimber 1968 de earste wedstriden. Der moast doe noch wol it gemiddelde fan alle biljerters bepaald wurde. Hja binne begûn mei in woansdei- en freedtejûns kompetysje. Sneons wiene der geregeld wedstriden, de prizen wiene dan rollades en hinnen. Yn 1971

koene de earste rinteleaze lieningen al ôflast wurde. Piet de Jong is yn 1972 nei Frjentsjer ferhuze, mar hy is noch altyd lid yn Spannum. "Ik mei graach biljerte, fyn it altyd gesellige jûnen en de measte maten wenje hjir noch. Yn Frjentsjer biljert ik ek.", sa fertelt De Jong (74).

Fjouwer ballen

Hjoeddeis is der allinne freedtejûns biljerten. De klup hat op it stuit 38 leden, wêrûnder twa froulju. De bar is iepen en it is gesellich, taskôgers binne ek wolkom. It bestjoer wurdt foarme troch Anne Hijma, Klaske van der Weij, Doeke Steensma en Reinder Bakker. Reinder hat eartiids ek foarsitter fan de klup west. Freeds

komme der gemiddeld sa'n tweintich minsken.

„As it keatsen ôfrûn is, begjinne wy wer mei it biljerten. Freeds moatte wy wol wat te dwaan hawwe. Der wurdt spile yn in A en B klasse. Derneist hawwe wy spesjale partijen: de punten-, Libre- en snertpartij. By de snertpartij spilet elk lid mei in persoan dy't net lid is. Dan hawwe wy ek noch de fjouwer ballen partij, dan is it wat makliker om in bal te reitsjen. Wy hawwe twa goeie biljerters by de groep, hja spylje trije á fjouwer karamboals de beurt", sa fertelt foarsitter Hijma.

Der binne in oantal aktiviteiten rûnom it jubileum. Oan it begjin fan it seizoen hawwe Douween Erna fan Snits in demonstraasjepartij

jûn. Foar de leden wurdt der op sneon 10 novimber om 16.00 oere in ferrassingspartij yn it Doarpshûs organisearre.

advertinsje



Niet lekker in je vel?

www.sinneflecht.nl

058 2894904 / 06 13 889717